earste fesper foar de sân lêste sneinen fan it tsjerklik jier

stilte

iepeningsfers

foargonger hear, iepenje my de lippen
gemeente myn mûle sil sjonge fan jo lof
foargonger God, kom my te help
gemeente heare, wês hastich om my te helpen

oanstekken fan 'e peaskekears

ljochthymne fleurich ljocht

o ljocht, fleurich ljocht út 'e himel,
dyn glâns is in teken fan God,
do waarmest de ierd' as de sinne,
foar ivich de kjeld ferdreaun

wy komme ta rêst yn 'e jûntiid,
de dei glidet oer yn 'e nacht,
dan sjonge wy lûd en wy roppe,
kom by ús, o geast, soan en heit

hoe soene wy net alle dagen
dan sjonge mei heldere stim,
oan jo tankje wy, hear, ús libben,
jo lof rûst troch hiel de wrâld

antifoan myn God, jou ljocht oan myn eagen

psalm psalm 13: 1, 2 en 3, *lieteboek foar de tsjerken*

hoe lang, o grutte God, hoe lang,
it libben wurdt my near en bang,
moatt' jo my jimmeroan ferjitte,
jo antlit my net ljochtsje litte,
moat ik ferkomm' yn need en twang?

hoelang is noch dit leed myn diel,
hoelang noch moat myn mêde siel
it iene plan nei 't oare bouwe,
oerstjoer en bang, fol soarch en rouwe,
om't ik myn fijâns oerwicht fiel?

God, sjoch it oan en hear myn bea,
nim by my wei dit freeslik kwea,
ferdriuw de skiere, tsjustre reagen,
bring 't kleare ljocht wer yn myn eagen,
dat ik net wei wurd yn 'e dea

antifoan myn God, jou ljocht oan myn eagen

I hoelang, heare, sille jo my al mar wer ferjitte,
II hoelang jo fan my ôfkeare,
I hoelang moat ik soargen yn my omdrage,
II fertriet yn myn hert by de dei lâns,
I+II hoelang sil myn fijân oer my triomfearje,
I sjoch skerp ta en harkje nei my, heare,
II myn God, jou ljocht oan myn eagen,
I dat ik net yn 'e deasliep sink,
II dat myn fijân net sizze kin, 'ik bin him oermânsk wurden',
I+II dat myn tsjinstanners net opsprekke, as ik ûnder fuotten reitsje,
I mar ik, ik lit it op jo geunst oankomme,
II myn hert mei jubelje, om't jo my holpen hawwe,

I+II ik wol foar de heare sjonge, om't er my goeddien hat

I eare oan de heit en oan de soan en oan de hillige geast
II lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid, amen

antifoan myn God, jou ljocht oan myn eagen

psalm psalm 13: 4 en 5, *lieteboek foar de tsjerken*

gun, hear, de fijân net it nocht
te sizzen, 'ik haw him oermocht',
jo binne 't dochs dy't weitsje sille
dat hja net laitsj' yn wrede wille,
as 'k wifk' en hast te fallen tocht

myn God, jo sykj' ik yn myn rou,
it is jo geunst dêr't ik op bou,
ik tidigje op jo beskerming,
myn hert is bliid om jo ûntferming,
God hat my woldien, 'k sjong syn trou

antifoan myn God, jou ljocht oan myn eagen

lêzing Lukas 7: 36-50
Ien fan 'e Fariseeërs hie him ris noege te iten. Jezus kaam by him yn 'e hûs en skikte by de tafel. In frou dy't yn 'e stêd op in minne namme lei, kaam te witten, dat er yn it hûs fan 'e Fariseeër te gast wie. Se krige doe in flesse mei balsem, gong achter by syn fuotten stean te skriemen, makke dy wiet mei har triennen, fage se ôf mei har hier, tute se en salve se mei de balsem. Doe't de Fariseeër dy't him noege hie, dat seach, tocht er by himsels, 'as hy no wier in profeet wie, soed er grif wol witte, dat de frou dy't Him oanrekket, in sûnderes is en hoe'n ien.' Doe naam Jezus it wurd en sei, 'Simon, Ik haw jo wat te sizzen'. Simon sei, 'master, sis it mar'. 'In jildsjitter hie twa skuldners. De iene wie him fiifhûndert denaarjes skuldich, de oare fyftich. Se koenen net betelje en doe skonk er it harren allebeide. Wa fan harren sil him dan it meast tagedien wêze?' Simon antwurde, 'wa't er it measte skonken hat, tinkt my.' Jezus sei tsjin him, 'dat hawwe jo goed sjoen. Doe kearde er him nei de frou ta en sei tsjin Simon', 'sjogge jo dizze frou? Ik bin by jo yn 'e hûs kommen. Wetter om te fuotwaskjen hawwe jo my doe net jûn, mar sij makke my de fuotten wiet mei har triennen en fage se mei har hier ôf. In tút ta wolkom hawwe jo my net jûn, mar sij hat, sûnt Ik deryn kaam, my oan ien wei de fuotten tute. Jo hawwe my de holle net mei oliifoalje salve, mar sij salve my de fuotten mei balsem. Dêrom sis Ik jo, binne har de sûnden ferjûn en dat wienen hiel wat. Oars soe se net sa leafhawwe kinne. Wa't mar in bytsje ferjûn is, kin net sa leafhawwe.' Tsjin har sei er, 'jo sûnden binne jo ferjûn.' Dy't mei oansieten, begûnen harsels ôf te freegjen, 'wa is hy dochs, dat er sels sûnden ferjout?' Tsjin de frou sei er fierder, 'jo leauwen hat jo behâld west, gean yn frede nei hûs.

meditaasje Jezus sjen. Foar ús gefoel ien fan de dingen dy't ús te wachtsjen steane oan de ein. Jezus sjen. It is in gefoel, mar ek in fraach. Hoe? Heech op in rjochterstoel? Unberikber yn hearlikheid? Steane wy allegear like tichtby of net? Fragen genôch. De psalmen freegje al, hoenear sil ik God sjen? It evengeelje antwurdet, by it sjen fan Jezus. Hy is it wurd dat út Gods mûle komt, de leafde dy't blinkt yn syn eagen. As wy Jezus sjogge, sjogge wy God yn it gesicht.
God sjen, fan oangesicht ta oangesicht. Wat bart der dan mei ús? As yn it hûs fan 'e Fariseeër. Dêr wurdt gûld, tute en aaid. Der is echt kontakt, echte emoasje, op it yntime ôf. Tagelyk is der in riedsel, want hoe komt dy frou sa tichtby? Net troch wat jo dogge foar Jezus. Mar troch wat Jezus docht foar jo. Yn sûnde en skuld, as in minske docht wat God ferbean hat, rekket God net fierder fuort, mar komt hy just ticht

stilte

mesyk

liet lofsang fan Merije, gesang 66: 1 oant en mei 6, *lieteboek foar de tsjerken*

no sjong ik foar de hear,
myn liet moat heech en klear
myn rêder romj' en prize,
hy hat myn ienfâld fûn,

syn tsjinstfaam eare jûn
en woe my geunst bewize
no jout fan heit op soan
my elk geslacht de kroan
en wol my lokkich hjitte,
God, machtich as gjinien,
hat grutte dingen dien,
hoe kaam er my temjitte

oer wa't him freezje leit
syn hân barmhertichheid,
hoe hearlik is syn namme,
hy hat mei man en wein
heechhertigen oan d' ein
foar alle wrâld beskamme

hy taaste op har troan
de hege machten oan,
dy't kroan en skepter fierden,
mar lytsen brocht syn hân
ta macht en ear' yn 't lân,
as keningen fan d' ierde

wa't hongrich wie en mêd,
de heare joech him sêd,
yn frede gong er hinne,
mar riken noeg' er net,
dy moasten ier en let
mei lege hannen rinne

hy seach nei Isrel om,
hy naam syn eigendom
foar ivich yn beskerming;
sa hie hy Abram sein,
sa draacht hy sûnder ein
syn folk yn syn ûntferming

gebedens

foargonger leave heare,
wy wolle jûn bidde
foar elk dy't it net leauwe kin
dat jo ús sykje fan oangesicht ta oangesicht
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
foargonger foar dy't allinnich hearre
it roppen fan har fijannen
de wurden yn har eigen hert,
sa roppe wy,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
foargonger … … …
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

stilte

foargonger heare, wy bidde jo,
dat wij de eagen net slute
de earen net tichtstopje foar jo klopjen,
dat wy de skuld fan in dei, in jier, in libben
net stil en bedutsen hâlde,
mar iepen lizze foar it ljocht fan jo leafde,
dy't ús in nij bestean jaan wol,
dêrom bidde wy meiinoar,
gemeente ús heit yn 'e himel,
lit jo namme hillige wurde,

lit jo keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde,
op ierde likegoed as yn ‘e himel,
jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden,
sa’t ek wy ús skuldners ferjûn hawwe
en lit ús net yn fersiking komme
mar ferlos ús fan ‘e kweade,
want jowes is it keninkryk
en de krêft en de hearlikheid,
oant yn ivichheid, amen

jûnsliet gesang 295: 1 oant en mei 5 , *lieteboek foar de tsjerken*

oan ‘e tichte doar fan ‘t herte
ropt de breugeman, ‘o kom
riis oerein, de nacht is om,
bisto dan dyn hear fergetten,
kom, myn breid, dat ik dy fyn,
doch my op en lit my yn’

‘k wifelj’ om jo yn te litten,
kâld, beroaid en út ‘e klean,
doar ik net te brulloft gean,
nachtlik bin de stille strjitten,
makke ‘t klopjen my ek kjel,
‘k bin te slûch en jou my del

Kristus, kommend’ út ‘e fierte,
wist hoe’t hy dy fine soe,
dy’t dyn heare wêze woe,
koe dy net allinne litte,
bisto skruten, hy hâldt oan,
doch him op en fier de moarn

komt er noch foar tichte doarren,
d’ oere komt en is op til,
dat er net mear klopje sil,
lit de lêste hoop dan farre
yn in tichte tsjusternis
wêr’t gjin wei noch útwei is

hark, de breugeman fan fierren
kloppet noch, wurd wekker dan,
bûten stiet de breugeman,
lit de swarte earmoed hjirre,
gean yn ‘t wyt en wês de breid,
no’t de moarntyd iepenleit

seine

foargonger de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre
gemeente amen

twadde fesper foar de sân lêste sneinen fan it tsjerklik jier

stilte

iepeningsfers

foargonger hear, iepenje my de lippen
gemeente myn mûle sil sjonge fan jo lof
foargonger God, kom my te help
gemeente heare, wês hastich om my te helpen

oanstekken fan 'e peaskekears

ljochthymne fleurich ljocht

o ljocht, fleurich ljocht út 'e himel,
dyn glâns is in teken fan God,
do waarmest de ierd' as de sinne
foar ivich de kjeld ferdreaun

wy komme ta rêst yn 'e jûntiid
de dei glidet oer yn 'e nacht
dan sjonge wy lûd en wy roppe
kom by ús, o geast, soan en heit

hoe soene wy net alle dagen
dan sjonge mei heldere stim
oan jo tankje wy, hear, ús libben
jo lof rûst troch hiel de wrâld

anifoan hoe grut is jo goedens, heare, foar it each fan alle minskebern

I heare, by jo haw ik taflecht socht,
II lit my noait wer foar skande stean,
I+II rêd my troch my rjocht te dwaan,
I hâld it ear nei my,
II bring my mei gauwens befrijing,
I wês myn beskermjende rots,
II in berchfesting om my te rêden,
I want myn rots en festing binne jo,
II om jo namme, heare, wol my liede en weidzje,
I wol my út it net weihelje dat se temûk foar my spand hienen,
II want jo binne myn skûle,
I yn jo hân betrou ik myn libben,
II jo keapje my frij, heare, trouwe God,
I jo haatsje ferearders fan neatige ôfgoaden,
II mar ik hâld it op de heare,
I ik wol jûchje en bliid wêze om 'e geunst,
II dat jo nei myn ellinde omseagen,
I+II myn need achtsloegen
I en my net oan myn fijannen útleveren,
II mar myn fuotten de romte joegen
I
antifoan hoe grut is jo goedens, heare, foar it each fan alle minskebern

psalm psalm 31: 1 en 2, *leteboek foar de tsjerken*

by jo haw ik myn taflecht nommen,
lit my net kear op kear
foar skande stean, o hear,
Myn rop om rjocht is ta jo kommen,
o wol my dochs befrije,

moat ik noch langer lije?

wol wêze wat jo altyd wienen,
myn stins, myn rotskastiel,
dêr't ik my feilich fiel,
ik ken jo namme, want jo stienen
jo feint te allen tide
yn leafd' en trou te side

antifoan hoe grut is jo goedens, heare, foar it each fan alle minskebern

I wês my tewille, heare, want ik bin yn need,
II myn each is flau fan fertriet, myn siel en myn lichem,
I myn libben ferkwynt fan kommer,
II myn libbensjierren fergeane yn suchtsjen,
I fan ellinde bejout my de krêft,
II de hiele lea is my stikken,
I al myn tsjinstanners húnje my no,
II myn buorlju bin ik in reden ta skodholjen
I en myn goekunden in ôfgriis,
II wa't my bûten sjocht, rint by my wei,
I ik reitsje yn 't ferjit as in deade,
II ik bin as in ferwurden stik ark,
I want ik hear gâns minsken mûskopjen
II in ferskrikking oan alle kanten,
I se briede plannen tsjin my út
II en binne fan doel my it libben te benimmen

antifoan hoe grut is jo goedens, heare, foar it each fan alle minskebern

psalm psalm 31: 5 en 6, *lieteboek foar de tsjerken*

help my, barmhertich dat jo binne,
no't ik fan leed ferkwyn
en gjin fertreasting fyn,
myn jierren gean' yn suchtsjen hinne,
ik trilje op myn skonken,
de moed is my ûntsonken

'k fiel, hoe't myn haters om my gnize,
myn buorlju laitsj' om my,
it folk giet my foarby,
myn freonen moatte fan my grize,
'k bin ôfeart sûnder wearde,
in lang fergetten deade

antifoan hoe grut is jo goedens, heare, foar it each fan alle minskebern

I dochs hâld ik it op jo, heare
II en ik tink mar, myn God binne jo,
I myn takomst leit yn jo hân,
II rêd my út 'e macht fan myn fijannen en ferfolgers,
I lit jo antlit oer jo tsjinner ljochtsje,
II jou my útrêding troch jo geunst,
I lit my net foar skande stean, heare,
II want ik rop ta jo,
I lit de ferkearden foar skande stean,
II ferstomje yn it deaderyk,
I lis de ligers it swijen op,
II dy't opsprekke tsjin 'e rjochtfeardige,
I+II heechmoedich en ferachtlik,
I hoe grut is jo goedens, heare,
II dy't jo tatocht hawwe oan dy't ûntsach hawwe foar jo,

I	dy't jo dien hawwe oan har dy't taflecht by jo sykje
II	foar it each fan alle minskebern,
I	jo ferbergje har yn 'e skûle fan jo oanwêzigens
II	tsjin 'e laster fan 'e minsken,
I	jo jouwe har beskûl yn in hutte
II	tsjin de oanfallen fan 'e tonge,
I	heech te priizjen is de Heare,
II	want hy hat wûndere goedgeunstich west yn de tiid fan 'e benearing,
I	al tocht ik yn myn mismoed,
II	ik bin weiband út syn eachweid,
I	jo harken nei myn lûd smeekjen,
II	doe't ik oan jo rôp,
I	hâld it mei de heare, jimme geunstlingen allegearre,
II	de heare is in hoeder foar dy't him trou binne,
I+II	mar sweeslaggers jout rr dûbeld en dwers har lean,
I	stean sterk en lit jim hert wis wêze,
II	jim allegear dy't op de heare hoopje
I	eare oan de heit en oan de soan en oan de hillige geast
II	lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid, amen
antifoan	hoe grut is jo goedens, heare, foar it each fan alle minskebern
psalm	psalm 31: 10, 12 en 13, *lieteboek foar de tsjerken*

hoe grut is 't goed dat jo tatochten
oan 't folk dat op jo sjocht,
jo beevjend hulde docht,
heil dy't by jo beskerming sochten,
elk sil it witte kinne,
dat jo har helper binne

priizje de hear dy't útkomst brochte,
dy't myn ferlosser wie,
doe't alles tsjin my stie,
ek doe't ik yn myn mismoed tochte
dat jo myn bea net hearden,
hat dochs jo trou my rêden

bemin de Hear, jim syn geunstlingen,
hy draacht ús dei oan dei,
mar bant de heechmoed wei,
wês sterk yn him, syn segeningen
binn' aloan om jim hinne,
hoopj' op de hear allinne

antifoan hoe grut is jo goedens, heare, foar it each fan alle minskebern

lêzing Lukas 10: 1-20

Dêrnei wiisde de hear noch twaënsantich man oan, en stjoerde dy twa by twa foar him út nei alle stêden en doarpen dêr't er sels hinne soe. Hy sei tsjin harren, 'de risping is grut, mar de arbeiders binne minmachtich. Freegje dêrom om mear arbeiders te stjoeren foar it ynheljen. Set de stap deryn en tink derom, ik stjoer jimme as lammen midden ûnder de wolven. Nim gjin jildponge, gjin rânsel en gjin sandalen mei. Bring ûnderweis gjin groetenissen oer.
As jimme in hûs yn geane, sis dan earst, 'frede oer dit hûs'. As der in man fan frede wennet, dan sil jimme fredewinsk sines wêze. Mar is dat sa net, dan sil dy fredewinsk by jimme weromkomme. Allinne yn dat hûs meie jimme tahâlde en ite en drinke, wat se jim foarsette. Want wa't arbeidet komt syn lean ta. Rin net fan it iene hûs nei it oare.
Op alle plakken dêr't jimme komme en opnommen wurde, meie jimme ite wat jim foarset wurdt, de siken dy't dêr binne, helpe en tsjin de minsken sizze, 'Gods ryk is ticht oan jimme ta kommen'. Komme jimme yn in plak dêr't se jimme net talitte, gean dan de strjitte op en sis, 'sels de moude fan jim stêd dy't ús oan 'e fuotten sit, feie wy der ôf'. Dy meie jimme hâlde. Mar tink derom, Gods ryk is tichteby. Ik sis jimme, foar Sodom sil it dy deis better út te hâlden wêze as

foar dy stêd. Wee dij, Choarazin, wee dij Betsaida, want as yn Tyrus en Sidon de grutte wûnders dien wienen, dy't by jimme dien binne, dan soenen se al lang ta ynkear kommen wêze en yn sekkeguod en jiske sitten hawwe. Mar foar Tyrus en Sidon sil it by it oardiel better út te hâlden wêze as foar jimme. En do, Kafarnaüm, tochtste faaks, datst optild wurde soest oant yn 'e himel? Nee, oant yn it deaderyk silst delsmiten wurde. Dy't nei jimme harket, harket nei my; dy't jimme fersmyt, fersmyt my; dy't my fersmyt, fersmyt him dy't my stjoerd hat.'
De twaënsantich kamen bliid werom en fertelden, 'hear, troch jo namme jouwe ek de duvels har ûnder ús del'. Hy sei tsjin harren, 'ik seach de satan as de wjerljocht út 'e himel fallen. Ja, Ik haw jimme de macht jûn om oer slangen en skorpioenen hinne te rinnen, macht oer it hiele leger fan 'e fijân, neat sil jimme kwea dwaan, hoe dan ek. Bliid moatte jimme wêze, net omdat de duvels har ûnder jim deljouwe, mar omdat jim nammen yn 'e himel optekene binne'.

meditaasje

Jezus sjen, each yn each. It is de tiid fan it tsjerklik jier dat wy fiele dat wy dêr hieltyd tichter by komme. Mar foardat it dêroan ta is, stjoert hy syn boaden foarút. Op strjitte kinne wy se tsjinkomme, twaensantich man dy't oeral hinne geane dêr't se him ferwachtsje. Dat Jezus ús yn 'e mjitte komt yn it stal fan elk dy't in berop op ús docht, is in fertroude gedachte. Mar de moeting kin dus ek oarsom wêze, as wy ferlet fan help hawwe, moatte wy net ferjitte dat wy yn 'e helper Jezus sels tsjinkomme kinne. Om dy te sjen hoege wy net sa fier bûten de doar. Oer ús eigen drompel, foare op strjitte, is hy al te finen.
Dêr begjint dus ek it kiezen. Dêr begjint ek de wjerstân. De wrâld dêr't wy yn libje is net neutraal. It is ek net inkeld in plak dêr't wy bleat steane oan driging en ferlieding fan it kweade, de ferskrikking hearre fan it mûskopjen om ús hinne. Ek de twaensantich rinne yn 'e wrâld om. Ek har fredegroet hearre wy hjirre. En wy kinne net tsjin de kweade wêze, as wy dôf bliuwe foar dy groet. Sterker, dy't dy groet net hearre wol, wol de Heit net hearre, seit Jezus.
Dochs docht in minske dat samar net, hielendal net op strjitte. Foar it each fan elk Him oannimme, in hân beetkrije dy't nei jin útstutsen wurdt. Wa wol yn it iepenbier siik wêze, de ûnwennigens uterje fan dat oare keninkryk? Dochs begjint it dêre, op strjitte, yn it iepenbier. Dêr binne de earste tekens, de earste boaden te finen dat Jezus komt en dingen feroaret. Dy't op 'e dyk dy tekens sjen en hearre wol, dy t ien fan dy twaensantich boaden oannimt, dêr wit Jezus it paad nei it eigen hûs, nei de binnenkeamer, nei it hert ek te finen.

stilte

mesyk

liet

lofsang fan Merije, gesang 66: 1 oant en mei 6, *lieteboek foar de tsjerken*

no sjong ik foar de hear,
myn liet moat heech en klear
myn rêder romj' en prize,
hy hat myn ienfâld fûn,
syn tsjinstfaam eare jûn
en woe my geunst bewize

no jout fan heit op soan
my elk geslacht de kroan
en wol my lokkich hjitte,
God, machtich as gjinien,
hat grutte dingen dien,
hoe kaam er my temjitte

oer wa't him freezje leit
syn hân barmhertichheid,
hoe hearlik is syn namme,
hy hat mei man en wein
heechhertigen oan d' ein
foar alle wrâld beskamme

hy taaste op har troan
de hege machten oan,
dy't kroan en skepter fierden,
mar lytsen brocht syn hân
ta macht en ear' yn 't lân,

as keningen fan d' ierde

wa't hongrich wie en mêd,
de heare joech him sêd,
yn frede gong er hinne,
mar riken noeg' er net,
dy moasten ier en let
mei lege hannen rinne

hy seach nei Isrel om,
hy naam syn eigendom
foar ivich yn beskerming,
sa hie hy Abram sein,
sa draacht hy sûnder ein
syn folk yn syn ûntferming

gebedens

foarganger leave heare
wy wolle jûn bidde
foar elk dy't God siket op strjitte
it plak dêr't wy iepen en kwetsber binne
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
foargonger foar dy't bang binne
fan it kwea dat frijút giet
it lijen dat sichtber is foar elk
sa roppe wy,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
foargonger ... … …
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

stilte

foargonger heare, wy bidde jo,
dat wij ús doare te jaan
yn in wrâld dy't jo folslein takomt,
ús doare te bewegen as boaden
foar elk dy't jo keninkryk siket,
mei neat yn 'e hannen ús wegen gean
as inkeld jo wurd fan frede,
dêrom bidde wy meiinoar,
gemeente ús heit yn 'e himel,
lit jo namme hillige wurde,
lit jo keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde,
op ierde likegoed as yn 'e himel,
jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden
sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe
en lit ús net yn fersiking komme,
mar ferlos ús fan 'e kweade,
want jowes is it keninkryk
en de krêft en de hearlikheid,
oant yn ivichheid, amen

jûnsliet gesang 261: 1 oant en mei 8, *lieteboek foar de tsjerken*

goudene himelstêd,
as ik mei lichte trêd
gean oer dyn pleinen,
dan wurdt it hert my frij,

Sion, dan rûz' yn my
al dyn fonteinen

stêd dy't sa hearlik leit,
fan dyn begearlikheid
moat ik wol roppe,
al wat ik dreame kin,
al wat ik neame kin
giesto te boppe

Goddelik fizioen,
noait hawwe eagen sjoen,
earen 't fernommen,
wat God ús skinke woe,
wa dy't it tinke koe
by alle frommen

o do befrijende,
alles fernijende
stêd fan de heare,
tûzenkear komt te koart
't liet dat dy priizje moat
oan lof en eare

as ik de grins oer gean,
sjoch ik dyn stinzen stean,
rizend yn reinens,
dêr't him de hilligen
mei alle silligen
loovj' yn folsleinens

wat ek feroarje mei,
noait falt de gloarje wei,
dy't wy dêr fine,
do kinst myn siel en sin
mear as ik sizze kin,
treastend ferbine

dêr kin gjin leed bestean,
dêr moat de need fergean
fan dizze ierde,
hy dy't ús hoeder is,
sil, dêr't gjin noed mear is,
sêftkes ús liede

dêr wêr't de frede bloeit
en de genede floeit,
sûnde foarby is,
makket in kleare pracht
ein oan de neare nacht,
as alles nij is

seine

foargonger de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre
gemeente amen

tredde fesper foar de sân lêste sneinen fan it tsjerklik jier

stilte

iepeningsfers

foargonger hear, iepenje my de lippen
gemeente myn mûle sil sjonge fan jo lof
foargonger God, kom my te help
gemeente heare, wês hastich om my te helpen

oanstekken fan 'e peaskekears

ljochthymne fleurich ljocht

o ljocht, fleurich ljocht út 'e himel,
dyn glâns is in teken fan God,
do waarmest de ierd' as de sinne
foar ivich de kjeld ferdreaun

wy komme ta rêst yn 'e jûntiid,
de dei glidet oer yn 'e nacht,
dan sjonge wy lûd en wy roppe,
kom by ús, o geast, soan en heit

hoe soene wy net alle dagen
dan sjonge mei heldere stim,
oan jo tankje wy, Hear, ús libben,
jo lof rûst troch hiel de wrâld

antifoan wier, by God bin ik ta rêst kommen, fan him kaam der hope foar my

I wier, by God bin ik ta rêst kommen,
II fan him kaam myn útrêding,
I wier, hy is myn rots en rêder,
II myn fêsting, ik sil net mear wifkje,
I hoe lang stoarmje jim op dizze man oan,
II besykje jim meiinoar him te fernielen
I as in wand dy't al wykt,
II as in muorre dy't op omfallen stiet,
I hja lizze it derop ta him fan syn hichte del te stjitten,
II se hawwe nocht oan ligen,
I mei de mûle segenje se,
II mar ynwindich ferflokke se

antifoan wier, by God bin ik ta rêst kommen, fan him kaam der hope foar my

psalm psalm 62: 1, 2, 3 en 4, *lieteboek foar de tsjerken*

myn siel is ta de heare stil,
hja wachtet dimmen op Gods wil,
hy mei myn heil, myn taflecht hjitte,
de klippe dêr't myn hûs op stiet,
de berch dy't broazlet noch fergiet,
'k sil fan gjin fal noch wankling witte

hoe lang, o wrederts, sil jim dan
oanstoarmje op ien inkle man
mei bearen en ferheftich roppen,
wêrom jim krêften op my set,
as gong it om in ynbûgd sket,
as moast in muorr' op slach fan boppen

hja rieplachtsj' yn ferbiten haat,
hoe wurdt er fan syn hichte staat,
hoe kin wy 'm út syn plak ûntsette,
fan leagen is har binnenst fol,
hja seingje mei har mûle wol,
mar flokke docht har ynlikst herte

myn siel, al stiet it noch sa slim,
wês stil foar God en rêst yn him,
hy is net fier, syn help sil blike,
ik wachtsj' op him, myn heil stiet fêst,
hy is myn stins, myn rots en rest,
ik sil net wifkje noch beswike

antifoan wier, by God bin ik ta rêst kommen, fan him kaam der hope foar my

I wier, by God bin ik ta rêst kommen,
II fan him kaam der hope foar my,
I wier, hy is myn rots en rêder,
II myn fêsting, ik kin net mear wifkje,
I yn God is myn heil en myn eare wis,
II myn sterke rots en taflecht is God,
I betrou altyd op him, o folk,
II stoart jimme hert foar him út,
I+II God is ús in taflecht

antifoan wier, by God bin ik ta rêst kommen, fan him kaam der hope foar my

psalm psalm 62: 5, 6, 7 en 8, *lieteboek foar de tsjerken*

by God is al myn heil, myn ear',
myn rots, myn taflecht is de hear,
hy sil de fijân fan my driuwe,
betrou op him, o folk, yn smert,
stoart foar syn antlit út jim hert,
God sil ús taflecht altyd bliuwe

de minsk' is idel, neat mei neat,
de grutte lju fan stân en steat,
hja hingje gear fan skyn en leagen,
as God har op syn skealjes set,
gean hja omheech en hâlde 't net,
de minsk' is idel yn Gods eagen

de man dy't op geweld betrout,
op roof in iidle hope bout,
fergearret neat as skand' en smerte,
wint mei de tiid dyn rykdom oan
en giet it dij yn 't libben skoan,
wol 't hert net op dy dingen sette

God spriek ien ding, 'k ferjit it net,
ik haw it twaris fan him heard,
oer alles hat hy te gebieden,
ek is by jo gened', o hear,
want j o ha de ferjilding klear,
dy't ider jout, al nei syn dieden

antifoan wier, by God bin ik ta rêst kommen, fan him kaam der hope foar my

I wier, minskebern binne mar in sucht
II en grutte lju oars net as skyn,
I op 'e skealjes binne hja te licht,

II	allegear meiinoar lichter as lucht,
I	sykje it net yn geweld
II	en ferwachtsje it net fan roverij,
I	as de rykdom oanwint,
II	set dêr dan de sinnen net op,
I	ien kear hat God sprutsen,
II	ja, twa dingen haw ik heard,
I+II	by God is de macht,
I	ja, by jo, hear, is de goede geunst,
II	want jo ferjilde in man al nei't er dien hat
I	eare oan de heit en oan de soan en oan de hillige geast
II	lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid, amen

antifoan wier, by God bin ik ta rêst kommen, fan him kaam der hope foar my

lêzing Lukas 10: 25-37

Doe kaam in wetgelearde oerein om him te hifkjen en sei, 'master, wat moat ik dwaan om diel te krijen oan it ivige libben'? Jezus sei tsjin him, 'wat stiet der yn 'e wet? Wat lêze jo dêr?' Hy antwurde, 'do silst de hear, dyn God, leafhawwe mei dyn hiele hert, dyn hiele siel, dyn hiele krêft, dyn hiele ferstân en dyn neiste sa ast dysels leafhast.' Jezus sei tsjin him, 'dat is it goede antwurd. Doch it sa en jo sille it libben hâlde.'

Mar hy woe himsels grut hâlde en sei tsjin Jezus, 'en wa is myn neiste?' Doe naam Jezus wer it wurd en sei, 'der wie ris in man, dy reizge fan Jeruzalem nei Jericho. Underweis foel er yn 'e hannen fan rovers. Dy klaaiden him út, rânselen him ôf, en doe't se fuortgongen, lieten se him healdea lizze. Tafallich kaam der in pryster lâns. Dy seach him wol, mar rûn oan 'e oare kant fan 'e wei foarby. Doe kaam der ek in Levyt by dat plak lâns. Doe't dy him seach, rûn er ek oan 'e oare kant fan 'e wei foarby. Mar der kaam ek in Samaritaan, dy't ûnderweis wie, by him lâns. Doe't dy him seach, krige er tige mei him te dwaan. Hy gong nei him ta, geat oliveoalje en wyn yn syn wûnen en ferbûn dy. Doe sette er him op syn eigen ryddier, brocht him yn in herberge en soarge foar him. De oare moarns helle er twa denaarjes foar 't ljocht en joech dy oan 'e kastlein mei de wurden, 'pas goed op him en as jo mear kosten hawwe, sil ik jo dy op 'e weromreis betelje.' 'Wa fan dy trije tinkt jo, is no de neiste fan 'e man dy't yn rovershannen fallen wie?' Hy sei, 'dy't him út meilijen holpen hat.' Doe sei Jezus tsjin him, 'doch jo tenei ek sa'.

meditaasje Tichter en tichterby komt it keninkryk fan God. Bûtendoar, op 'e strjitte, kinne wy syn gesanten tsjinkomme. Mar ek dan op it iene plak mear as it oare. It sintrum fan Gods keninkryk fine wy, as wy de swakke tsjin it liif rinne. Sa stiet it yn 'e bibel. Mar yn it werklike libben is it in poepetoer om it sa te sjen. Wy krekt likegoed rinne it leafst oan 'e oare kant foarby.

Wat is it, dêr't wy bang fan binne? Binne wy bang dat ús plannen net trochgeane? Elk dy't reizget hat in skema, it is steurend, as ien in berop op in docht om dêrfan ôf te wiken. Binne wy bang ús eigen regels te ferbrekken? Ofpraat is ôfpraat, de pryster en de Levyt soenen sa let op har bestimming wêze. Moat dat wachtsje omdat ien dêr healdea krekt op har paad leit? Of binne se bang dat se sels oerfallen wurde, is it in fal? Eangst foar it ûnwisse, ynbreuk op ús selsstannigens, mooglik gefaar en dêr rinne wy.

De psalmen warskôgje aloan, set jins sin net op roverij, net op eigen gloarje, net op skynwissichheid. Dy't dat docht, lit him liede troch leagens. It jout in gefoel fan feiligens, mar dat gefoel is falsk. Oan 'e ein lit God sjen dat it oars sit. Feilichheid is te finen by God en God komt tichtby yn 'e swakke. Jezus jout gjin antwurd op 'e fraach nei de bekende wei. Utsoarte is de swakke jins neiste. Mar wolle wy de neiste wurde fan 'e swakke? Akseptearje wy him en har as ús neiste? As jo jo skynwissichheden opjouwe, stopje en risiko rinne, dan is de wiere rêst te finen. De echte feilichheid, dy fan Gods keninkryk.

stilte

mesyk
liet lofsang fan Merije, gesang 66: 1 oant en mei 6, *steande, lieteboek foar de tsjerken*

no sjong ik foar de hear,
myn liet moat heech en klear,
myn rêder romj' en prize,
hy hat myn ienfâld fûn,
syn tsjinstfaam eare jûn

en woe my geunst bewize

no jout fan heit op soan
my elk geslacht de kroan
en wol my lokkich hjitte,
God, machtich as gjinien,
hat grutte dingen dien,
hoe kaam er my temjitte

oer wa't him freezje leit
syn hân barmhertichheid,
hoe hearlik is syn namme,
hy hat mei man en wein
heechhertigen oan d' ein
foar alle wrâld beskamme

hy taaste op har troan
de hege machten oan,
dy't kroan en skepter fierden,
mar lytsen brocht syn hân
ta macht en ear' yn 't lân,
as keningen fan d' ierde

wa't hongrich wie en mêd,
de heare joech him sêd,
yn frede gong er hinne,
mar riken noeg' er net,
dy moasten ier en let
mei lege hannen rinne

hy seach nei Isrel om,
hy naam syn eigendom
foar ivich yn beskerming,
sa hie hy Abram sein,
sa draacht hy sûnder ein
syn folk yn syn ûntferming

gebedens

foargonger leave heare,
wy wolle jûn bidde
foar alle minsken dy't lizze
oan 'e kant fan 'e dyk
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
foargonger foar it swakke en útklaaide
dêr't minsken leafst oan foarbyrinne
wolle wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
foargonger ... … …
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

stilte

foargonger heare, wy bidde jo,
dat wij de moed fine
as it swakke yn ús libben komt
jo antlit te sykjen, ek as it ús kjel makket,
jo hân beet te krijen, ek as dy trochboarre is,
de deis dat jo dy útstekke nei ús,
út jo keninkryk wei,
dêrom bidde wy meiinoar,

gemeente ús heit yn ‘e himel,
lit jo namme hillige wurde,
lit jo keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde,
op ierde likegoed as yn ‘e himel,
jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden,
sa’t ek wy ús skuldners ferjûn hawwe
en lit ús net yn fersiking komme,
mar ferlos ús fan ‘e kweade,
want jowes is it keninkryk
en de krêft en de hearlikheid,
oant yn ivichheid, amen

jûnsliet gesang 280: 1, 2 en 3, *lieteboek foar de tsjerken*

ivich rjochter, jo dy’t binne
mei ûneinich ljocht beklaaid,
ha jo net ús libben skjinne
fan de skuld dy’t op ús leit,
lis jo wjokken om ús hinne,
hoed en treast ús as in heit

om in frede dy’t net daget,
stiicht ta jo ús bang gebed,
sjoch, hoe’t sûnde sûnde jaget
en ús yn ‘t rûnom beset,
al jo skepsel suchtet, klaget,
leit yn weeën ier en let

lit ús net yn ‘t neat fersinke,
brek de tsjusternis midstwa,
leanj’ ús boppe bidden, tinken,
ried jo ryk op ierde ta,
wol hjirnei de frede skinke
dy’t jo foar ús weilein ha

seine

foargonger de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre
gemeente amen

de fjirde fesper foar de sân lêste sneinen fan it tsjerklik jier

stilte

iepeningsfers

foargonger hear, iepenje my de lippen
gemeente myn mûle sil sjonge fan jo lof
foargonger God, kom my te help
gemeente heare, wês hastich om my te helpen

oanstekken fan 'e peaskekears

ljochthymne fleurich ljocht

o ljocht, fleurich ljocht út 'e himel,
dyn glâns is in teken fan God,
do waarmest de ierd' as de sinne,
foar ivich de kjeld ferdreaun

wy komme ta rêst yn 'e jûntiid,
de dei glidet oer yn 'e nacht,
dan sjonge wy lûd en wy roppe,
kom by ús, o geast, soan en heit

hoe soene wy net alle dagen
dan sjonge mei heldere stim,
oan jo tankje wy, Hear, ús libben,
jo lof rûst troch hiel de wrâld

antifoan as de fûneminten har bejouwe, wat kin de rjochtfeardige dan noch út 'e wei sette?

I as ik by de heare ûntwyk fyn,
II hoe kinne jim dan tsjin my sizze,
I+II 'flean as in fûgel de bergen yn',
I want dy ferkearden dêre spanne de bôge,
II se hawwe de pylk al op 'e koarde lein
I+II om yn it tsjuster te sjitten op minsken dy't it hert op it rjochte plak hawwe,
I 'as de fûneminten har bejouwe,
II wat kin de rjochtfeardige dan noch út 'e wei sette',
I de heare is yn syn hillige timpel,
II de troan fan de heare is yn 'e himel,
I syn eagen skôgje,
II syn blikken hifkje de minskebern,
I de heare hifket rjochtfeardigen en ferkearden
II en syn hiele wêzen hatet minsken dy't fan geweld hâlde,
I op dy ferkearden lit er stikken fjoer en swevel reine
II en in gleone stoarmwyn jout er har foar de toarst,
I want rjocht is de heare, hy hâldt fan rjochte dieden
II en oprjochten sille him yn 'e eagen sjen,
I eare oan de heit en oan de soan en oan de hillige geast
II lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid, amen

antifoan as de fûneminten har bejouwe, wat kin de rjochtfeardige dan noch út 'e wei sette?

psalm psalm 11: 1, 2, 3*, lieteboek foar de tsjerken*

myn skûl' is God, hoe kin jim dan noch sizze
'gean op 'e wjokken, nei de bergen ta,
fuort, no't har pylken op 'e bôge lizze,
hja wolle fan de hear gjin sizzen ha,
hja lizz' al oan, jim, reinen, sille 't witte,

hoe beart in boas geroft yn ‘t tsjuster sa,
jim gean’, as alles falt, de dea temjitte’

yn ‘t ivich ljocht, de timpel fan syn eare,
hat hy dy’t hillich is, syn hege troan,
de hiele wrâld leit iepen foar de heare,
hy hifket elk en seit it harren oan,
op súvre skealjen leit er wicht en wearde,
tirannen fall’ yn ‘t lij, fan skrik bestoarn,
syn fjoer fertart wa’t swolget yn it kweade

Gods fjoer en swevel sille har ferdjerre,
dan raast in hjitte wyn har ikkers oer,
syn grime giet oer wa’t nei him net hearre,
mar syn ferbûn, in sterke stins en toer,
stiet rjocht oerein; dy’t rjochte wegen rinne,
sill’ yn syn leafd’ en ûnder syn bestjoer,
syn wêzen sjen as ‘t opgean fan ‘e sinne

antifoan as de fûneminten har bejouwe, wat kin de rjochtfeardige dan noch út ‘e wei sette?

antifoan nee, ik ha mysels alhiel bedimme en bestille

I It hert sit my net heech, heare
II en myn eagen binne net grutsk,
I it is my net te rêden om dingen dy’t my te heech binne
II en my boppe de macht geane,
I nee, ik ha mysels alhiel bedimme
II en ik ha mysels bestille
I as in ôfwend bern by syn mem,
II ja, as in ôfwend bern bin ik,
I wachtsje do, Israel, op de heare,
II fan no ôf oant yn ivichheid

I eare oan de heit en oan de soan en oan de hillige geast
II lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid, amen

antifoan nee, ik ha mysels alhiel bedimme en bestille

psalm psalm 131: 1, 2, 3*, lieteboek foar de tsjerken*

o hear, ik wol my net bejaan,
heechhertich en mei wize waan,
yn dingen swier om te ferstean,
dy’t boppe myn fermogens gean

allyk in stil en ôfwend bern
de treast fan memme earmen ken,
sa fyn ik rêst en flij my stil
nei jo en nei wat komme sil

wachtsj’ op ‘e Hear en wês gerêst,
hy wol, o Israel, dyn bêst,
hy is dyn God, hy is dyn heit,
fan no ôf oant yn ivichheid

antifoan nee, ik ha mysels alhiel bedimme en bestille

lêzing Lukas 12: 22-31
Tsjin syn learlingen sei er, ‘sit net yn noed oer it libben, oft der wol iten is en likemin oer it lichem, oft der wol klean binne om oan te dwaan. Want it libben is mear as it iten en it lichem mear as klaaiing. Sjoch ris nei de ravens. Se siedzje net, se rispje net, se hawwe gjin kelder en gjin skuorre. Nee, God fuorret se. Hoe’n ein steane jimme net boppe dy fûgels? Wa fan jimme kin mei

prakkesaasjes syn libben in jellen langer meitsje? No, as jimme dan it minste net iens kinne, wat dogge jim dan oer it oare yn noed te sitten? Sjoch ris nei de leeljes, hoe't se waakse, se spinne net en se weve net. Mar ik sis jimme, sels Salomo mei al syn pracht wie sa moai net yn 'e klean as ien fan dyen. As God no sa klaait, wat hjoed op 't fjild groeit en moarn yn 'e oven smiten wurdt, hoefolste mear sil er it jimme dwaan, lytsleauwigen. Dêrom moatte jimme ek net altiten yn 'e skrep wêze om itende en drinkende te bliuwen. Sit dêr net te slim oer yn. Want dat binne allegearre dingen, dêr't de minsken fan 'e wrâld sa foar yn 'e skrep binne. Jimme heit wit, dat jimme dêr ferlet fan hawwe. Nee, set jim sin op syn keninkryk en al dat oare krije jimme derop ta.'

meditaasje

God sjen, sizze de psalmen, sille de oprjochten. Wa binne dat? Jezus seit, 'sit net yn noed, dan krije jim Gods keninkryk.' Soe dat de oprjochte wêze, dy't net yn noed sit? Jezus syn opdracht is noch net sa maklik, net tinke om iten en klean. Klean kinne wy, yn guon omstannichheden, sûnder. Mar as wy net ite, dan bliuwe wy der net. Hoesa gjin soargen om meitsje? Jezus freget net in lyts bytsje. It giet net om minder soargje of net oerdreaun soargje, mar hielendal net soargje. Jezus preket net om minsken te ferbetterjen, mar om minsken te bekearen. Klean en iten, dat is basisbeskerming en basisbrânstof. Tusken ús en de bûtenwrâld sitte inkeld ús klean. Wa doart neaken, sa't jo binne, de konfrentaasje dêrmei oan en ús iennige bân mei moarn en oaremoarn is it iten dat wy yn 'e kelder hawwe. It binne beide dingen dêr't God yn it paredys noch foar soarge hat, iten om te bestean en klean om jins skamte te dragen. It binne ús âldste en djipste swakten, fergonklikens dêr't wy mei skepen, en skamte dêr't wy mei út it paredys jage binne.

It paredys hat noait wer ien op ierde fûn. It nije keninkryk liket alle kearen krekt efter de kimen te lizzen. Dochs is dêr te kommen. Hoe dan? Troch net yn noed te sitten, krekt oer dy dingen dêr't wy net bûten kinne. Wy hawwe, net út te roegjen, de oanstriid om drokte te meitsjen om ús ferlet. Pas as wy dit hawwe en dat, miene, begjinne wy te sykjen nei Gods keninkryk. Mar it geloof hat ek in koarter paad. Dy drokte loslitte, op 'en nij beseffe, dat net ús drokte, mar God syn genede soarget dat wy ite kinne en klaaid wurde. Witte dat jo binne as in bern yn Gods hân. In bern krijt ek iten en beskerming, net omdat it raast, mar omdat it gjin tel by de mem wei is. Mar wat is it in toer om op te hâlden fan razen. Wat is it in toer om jins swakte, oprjocht, swak te litten. Wat is it in toer om jin del te jaan yn 'e hân fan God. Mar dy't dy hân doart te fielen, sil ek syn antlit sjen.

stilte

mesyk

liet

lofsang fan Marije, gesang 66: 1 oant en mei 6, steande*, lieteboek foar de tsjerken*

no sjong ik foar de hear,
myn liet moat heech en klear,
myn rêder romj' en prize,
hy hat myn ienfâld fûn,
syn tsjinstfaam eare jûn
en woe my geunst bewize

no jout fan heit op soan
my elk geslacht de kroan
en wol my lokkich hjitte,
God, machtich as gjinien,
hat grutte dingen dien,
hoe kaam er my temjitte

oer wa't him freezje leit
syn hân barmhertichheid,
hoe hearlik is syn namme,
hy hat mei man en wein
heechhertigen oan d' ein
foar alle wrâld beskamme

hy taaste op har troan
de hege machten oan,
dy't kroan en skepter fierden,
mar lytsen brocht syn hân

ta macht en ear' yn 't lân,
as keningen fan d' ierde

wa't hongrich wie en mêd,
de Heare joech him sêd,
yn frede gong er hinne,
mar riken noeg' er net,
dy moasten ier en let
mei lege hannen rinne

hy seach nei Isrel om,
hy naam syn eigendom
foar ivich yn beskerming,
sa hie hy Abram sein,
sa draacht hy sûnder ein
syn folk yn syn ûntferming

gebedens

foargonger leave heare,
wy wolle jûn bidde
foar alle minsken dy't werklik
allinnich fertrouwe moatte op jo
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
foargonger foar dy't gjin iten en drinken mear hawwe,
gjin kelder, gjin klean en gjin takomst yn hannen,
wolle wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
foargonger ... … …
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

stilte

foargonger eare, wy bidde jo,
dat wij it wier meitsje
dat jo keninkryk foar har soarget
en dat wij yn betrouwen op dat keninkryk,
alle kearen dat need en noed ticht by ús komme
en de wrâld ús op 'e flecht hawwe wol,
ús ôfwenne doare en stil wurde by jo,
dêrom bidde wy meiinoar,
gemeente ús heit yn 'e himel,
lit jo namme hillige wurde,
lit jo keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde, op ierde
likegoed as yn 'e himel,
jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden
sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe
en lit ús net yn fersiking komme
mar ferlos ús fan 'e kweade,
want jowes is it keninkryk
en de krêft en de hearlikheid
oant yn ivichheid, amen

jûnsliet gesang 283: 1 oant en mei 6, *lieteboek foar de tsjerken*

jo binn' ús ienichst doel en sin,
in nij begjin, libbensfontein
mei libben wetter, klear en rein

yn ‘t tsjuster geane jo ús foar
en wize ’t spoar, gjin minske hâldt
jo gongen tsjin troch dizze wrâld

al dwale wy ta skand’ en skea
oer grêf en dea, wy bin net wei,
nòch bliuwt jo hân ús rûnom nei

wy komme ienkear allegear,
hear, by jo wer, o grutte God,
hoe goed en leaflik is ús lot

as alle dingen nij bestân
ha troch jo hân, himel en ierd’
glânzj’ yn in ljocht dat net fergiet

as mei de gouden keningskroan
skielk foar jo troan, wy blinkend stean,
beklaaid mei wierheids wite klean

seine

foargonger de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre
gemeente amen

de fyfde fesper foar de sân lêste sneinen fan it tsjerklik jier

stilte

iepeningsfers

foargonger hear, iepenje my de lippen
gemeente myn mûle sil sjonge fan jo lof
foargonger God, kom my te help
gemeente heare, wês hastich om my te helpen

oanstekken fan 'e peaskekears

ljochthymne fleurich ljocht

o ljocht, fleurich ljocht út 'e himel,
dyn glâns is in teken fan God,
do waarmest de ierd' as de sinne,
foar ivich de kjeld ferdreaun

wy komme ta rêst yn 'e jûntiid,
de dei glidet oer yn 'e nacht,
dan sjonge wy lûd en wy roppe,
kom by ús, o geast, soan en heit

hoe soene wy net alle dagen
dan sjonge mei heldere stim,
oan jo tankje wy, hear, ús libben,
jo lof rûst troch hiel de wrâld

antifoaan hoe lang sille jim it hâlde mei dingen-fan-neat?

psalm psalm 4: 1 en 2*, lieteboek foar de tsjerken*

ik rop jo, wol my rêding biede,
o God fan myn gerjochtichheid,
sa faak my 't lot yn 't lijen fierde,
woen' jo my yn 'e romte liede,
o hear no hoe't jo tsjinstfeint kleit,
wat wol jim, mannen, hjirmei winne,
dat al myn ear' yn skande foel,
hoe lang sil jim op sûnde sinne,
de iidlens as jim leafste minne,
de leagen sykj' as heechste doel

betink en wit dochs, dat de heare
nei syn beslút en iivge wil,
in geunstling hillge ta syn eare,
syn hân sil 't ûnheil fan my keare,
hy heart as 'k oan him roppe sil,
mocht grime jim it hert beroere,
bejou jim ta de sûnde net
oertink jim wei yn nachtlik' oere,
lit leauwe wer jim libben stjoere,
swij stil yn God mei dimmen hert

antifoan hoe lang sille jim it hâlde mei dingen-fan-neat?

I as ik rop, antwurdzje my, o God dy't my rjocht docht
II en dy't my yn 'e benearing ferromming jûn hat,
I+II wês my genedich en harkje nei myn gebed,
I jimme, hege hearen, hoelang sille jimme myn eare te nei komme,

II sille jim it hâlde mei dingen-fan-neat, begien wêze op wat jim ferrifelt,
I tink derom, dat de heare my wûndere genedich west hat,
II de heare harket, as ik oan him rop,
I wyn jim op, mar bekweadigje jim net,
II oertink it op jim rêststee, mar hâld jim stil,
I bring de offers dy't foarskreaun binne
II en betrou op de heare,
I gâns minsken tinke 'wa lit ús it goede sjen,
II lit, heare, it ljocht fan jo antlit oer ús daagje',
I jo hawwe my mear wille yn it herte jûn
II as dy oaren hawwe by de romte fan weet en wyn,
I yn frede sil ik my deljaan en sliepe,
II want jo, heare,
I+II jouwe my allinnich in feilich honk

I eare oan de heit en oan de soan en oan de hillige geast,
II lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid, amen

antifoan hoe lang sille jim it hâlde mei dingen-fan-neat?

psalm psalm 4: 3 en 4*, lieteboek foar de tsjerken*

wy hoopj' op God, ús hannen bouwe
de hillge alters ta syn ear',
sa bliid w' yn 't offer hulde jouwe,
sa bliid sil 't hert op him betrouwe
en stil wêz' yn ús leaven hear,
as mannichien, yn eangst betize,
seit, 'wa lit ús it goede sjen',
lit jo dan, hear, út nacht en dize
oer ús jo leaflik antlit rize,
dat elk jo trou en leafde ken

'k mei grutter freugd' yn 't herte drage
as dizzen by har nôt en wyn,
'k ha net nei ierdske skatten jage,
jo leafde hat myn siele hage,
dêr leit myn treast en rykdom yn,
sa haw ik frede, 'k sil net skromje,
wa minske soe my ûnheil dwaan,
ik jou my rêstich del en slomje,
ik wit, myn God yn wa't ik romje,
sil my in feilich wenstee jaan

antifoan hoe lang sille jim it hâlde mei dingen-fan-neat?

lêzing Lukas 14: 12-24
Tsjin de man dy't him útnoege hie, sei er, 'as jo middeis of jûns lju te gast freegje, noegje dan net jo freonen, bruorren, famylje en rike buorlju. Dy soenen jo weromnoegje kinne en it sa mei jo lykmeitsje. Nee, as jo lju te gast freegje, noegje dan de earmen, brekliken, kreupelen en blinen. Dan sille jo gelokkich wêze, want dy kinne it net mei jo lykmeitsje. It lean sille jo krije as de goeden út 'e dea ferrize.' Doe't ien fan 'e oare gasten dat hearde, sei er tsjin him, 'gelokkich dy't yn Gods ryk ite sil.' Mar Jezus sei tsjin him, 'der wie ris in man dy't in grut gastmiel joech. Hy hie gâns minsken útnoege en stjoerde, doe't it tiid wie foar it miel, syn feint derop út om de gasten te sizzen 'kom, alles stiet ree'. Doe hie elkenien in ferlechje, de earste liet sizze, 'ík haw in stik lân kocht, ik moat der perfoarst hinne te sjen, dat ik freegje jo, nim it my net kwea ôf.' In oarenien sei, 'ik haw fiif span oksen kocht, ik soe der krekt hinne om se te probearjen, dat ik freegje jo, nim it my net kwea ôf.' Wer in oarenien sei, 'ik bin krekt troud, dêrom kin ik no net komme.' Doe't de feint thúskaam, brocht er dat allegearre oan syn hear oer. Dy waard poerlilk en sei tsjin syn feint, 'rin gau de stêd yn, troch strjitten en stegen en bring de earmen, brekliken, blinen en kreupelen hjir byinoar.' 'Hear', sei de feint, 'wat jo my hjitten hawwe, is dien en noch is der plak oer.' Doe sei de hear tsjin him, 'rin wegen en binnenpaden lâns en twing harren om deryn te kommen, want myn hûs moat fol.' Dit sis ik jimme, 'gjinien fan dy't earst noege wienen, sil myn gastmiel priuwe.'

meditaasje God sjen is Jezus sjen. Him hearre dogge wy yn ús swakke mominten. En dan moatte wy kieze. Wêr tusken? Dingen fan neat, seit de bibel en in feest. Hoe kin it bestean dat in minske it feest foarbyrint? Net op 'e útnoeging yn giet? Wat is der no moaier as mei jins eigen partner by de kening op besite, om jins oksen op jins lân rinne te litten en sels te iten fan it peleis? Hat dy kening sa'n bytsje macht? Is er te ûnbekend? Of soenen de minsken wier leauwe, dat hy it goed fynt dat jo by jins nije lân, jins nije fee, jins breid of breugeman bliuwe?
Yndie, lân en wurk, plak en partner yn 'e wrâld krije wy fan 'e grutte kening. It binne saken dêr't wy net sûnder kinne, dêr't wy ek altyd foar yn it spier moatte, oars geane se fan ús ôf. Se helpe ús troch it libben hinne. Geskinken fan God foar ûnderweis. Mar God syn bedoeling is noch wat oars. Feestfreugde, genietsje, kleare wille en ûntspanning, nearne mar soargen om, triennen dy't ôffage wurde. Wa wol dat doel no foarby reizgje?
It is saak, om yn it libben de earen en de eagen iepen te hawwen. Want ien kear komt it momint, dat de keninklike boade der is mei de útnoeging. Dy útnoeging lit ús sjen, hoe wiid oft de wrâld oan wjerskanten wurdt fan de wei dy't wy geane. Hoefolle minsken oft it ljocht op falt, dy't wy ornaris net sjogge, ús tafelgenoaten. Dy't him oerjout oan dat ljocht, hoecht net mear te reizgjen. Dy't it paad troch de nacht wer opsiket, set yndie syn sin op dingen fan neat.

stilte

mesyk

liet lofsang fan Merije, gesang 66: 1 oant en mei 6, steande, *lieteboek foar de tsjerken*

no sjong ik foar de hear,
myn liet moat heech en klear
myn rêder romj' en prize,
hy hat myn ienfâld fûn,
syn tsjinstfaam eare jûn
en woe my geunst bewize

no jout fan heit op soan,
my elk geslacht de kroan
en wol my lokkich hjitte,
God, machtich as gjinien,
hat grutte dingen dien,
hoe kaam rr my temjitte

oer wa't him freezje leit
syn hân barmhertichheid,
hoe hearlik is syn namme,
hy hat mei man en wein
heechhertigen oan d' ein
foar alle wrâld beskamme

hy taaste op har troan
de hege machten oan,
dy't kroan en skepter fierden,
mar lytsen brocht syn hân
ta macht en ear' yn 't lân,
as keningen fan d' ierde

wa't hongrich wie en mêd,
de heare joech him sêd,
yn frede gong er hinne,
mar riken noeg' er net,
dy moasten ier en let
mei lege hannen rinne
hy seach nei Isrel om,
hy naam syn eigendom
foar ivich yn beskerming,
sa hie hy Abram sein,
sa draacht hy sûnder ein
syn folk yn syn ûntferming

gebedens

foargonger leave heare,
wy wolle jûn bidde
foar alle minsken dy't gjin feest fiere kinne,
net witte wat se mei in útnoeging moatte
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
foargonger foar dy't fêst sit yn eigen gedachten,
troch de eigen plannen jo takomst net sjocht,
wolle wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
foargonger ... … …
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

stilte

foargonger heare, wy bidde jo,
dat wij it momint net foarby gean litte,
it teken sjogge, de fonk fernimme
as de doarren nei jo feestseal iepenswaaie,
lit ús fol freugde oan tafel sitten gean
mei minsken dy't wy net kenne, lju oars as ús,
op 'e tiid dat jo ús roppe,
dêrom bidde wy meiinoar,
gemeente ús heit yn 'e himel,
lit jo namme hillige wurde,
lit jo keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde,
op ierde likegoed as yn 'e himel,
jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden,
sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe
en lit ús net yn fersiking komme,
mar ferlos ús fan 'e kweade,
want jowes is it keninkryk
en de krêft
en de hearlikheid
oant yn ivichheid, amen

jûnsliet gesang 281: 1, 2, 3, 4*, lieteboek foar de tsjerken*

sa fier't de sinne dei oan dei
syn wide rûnten rinne mei,
sil Jezus hearskj' oer see en ierd',
oant ek gjin moanne mear bestiet

it liet út alle folk en taal
betinkt syn leafde triomfaal
en bernemûlen klinke klear
yn blide sangen foar de hear

in floed fan heil is syn regear,
de bûne fielt gjin bannen mear,
de wurge fynt foar ivich rêst
en d' earm' is sûnder earmelêst

stean op en lis oan kenings foet
it bêste del as fredegroet,
dêr't d' ingels sjong', yn 't liet ferlern,
en d' ierde ropt, amen, amen

seine

foargonger de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre
gemeente amen

sechsde fesper foar de sân lêste sneinen fan it tsjerklik jier

stilte

iepeningsfer

foargonger hear, iepenje my de lippen
gemeente myn mûle sil sjonge fan jo lof
foargonger God, kom my te help
gemeente heare, wês hastich om my te helpen

oanstekken fa 'e peaskekears

ljochthymne fleurich ljocht

o ljocht, fleurich ljocht út ‘e himel,
dyn glâns is in teken fan God,
do waarmest de ierd’ as de sinne,
foar ivich de kjeld ferdreaun

wy komme ta rêst yn ‘e jûntiid,
de dei glidet oer yn ‘e nacht,
dan sjonge wy lûd en wy roppe,
kom by ús, o geast, soan en heit

hoe soene wy net alle dagen
dan sjonge mei heldere stim,
oan jo tankje wy, hear, ús libben,
jo lof rûst troch hiel de wrâld

antifoan want se slane gjin acht op de dieden fan de heare, dêrom sil er har delbrekke en net opbouwe

psalm psalm 28: 1, 2 en 3*, lieteboek foar de tsjerken*

oan jo rop ik, myn rots, myn heare,
dat jo my net de rêch takeare,
ik sil yn ‘t deaderyk fersinke,
as jo net langer om my tinke,
nei jo ferburgen hillichdom
heevj’ ik de hannen, heare, kom

smyt my net wei mei de godleazen,
de mannen dy’t it kwea ferkeazen,
dy’t fluensk en from fan frede prate,
mar ‘t boaze hert sit fol fan hate,
fei my net op ‘e grutte bult,
mei dy’t har tjirgj’ yn skand’ en skuld

jou har werom nei wat se dienen,
ferjild har dêr’t se har misgienen,
of ha se fan ‘e grutte wurken,
dy’t God ús dien hat, dan neat murken,
hy spot mei wat har mûle sprekt,
as hy har neatich bousel brekt

antifoan want se slane gjin acht op de dieden fan de heare, dêrom sil er har delbrekke en net opbouwe

I oan jo, heare, rop ik, myn rots,
II bliuw net doof foar my,
I oars, as jo neat tsjin my sizze wolle,
II wurd ik gelyk mei dy’t yn it grêf weisinke,
I harkje nei myn lûde rop,
II no’t ik oan jo kryt om help,
I no’t ik de hannen útstek
II nei it allerhillichste fan jo timpel,
I reagje my net mei de sûnders oan ‘e kant,

II mei harren dy't kwea dogge,
I dy't moai mei har neisten omprate,
II mar op it ferkearde út binne,
I jou har lean nei wurken,
II nei it kwea dat se útrjochte hawwe,
I jou se nei wat har hannen dien hawwe,
II en lit se har trekken thús krije,
I want se slane gjin acht
II op de dieden fan de heare,
I op de grutte wurken fan syn hannen,
II dêrom sil er har delbrekke en net opbouwe,
I de heare is heech te priizjen,
II want hy hat myn lûd gerop wol heard,
I de heare is myn krêft en myn skyld,
II myn hert is wis fan him,
I ik krige help, no jubelet myn hert
II en mei myn liet wol ik him loovje,
I de heare is de krêft fan syn folk,
II h is hâld en heil foar syn messias,
I rêd jo folk
II en segenje jo erfdiel,
I+II hoedzje en draach se oant yn ivichheid

I eare oan de heit en oan de soan en oan de hillige geast
II lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid, amen

antifoan want se slane gjin acht op de dieden fan de heare, dêrom sil er har delbrekke en net opbouwe

psalm psalm 28: 4 en 5*, lieteboek foar de tsjerken*

no sjongt myn liet syn grutte namme,
hy hat myn hope net beskamme,
myn skyld, op him kin ik betrouwe,
de stins foar al wa't op him bouwe,
de Hear woe hearre nei myn stim,
om al syn leafde loovj' ik him

de heare sterket ús yn 't striden,
stipet syn salvling alle tiden,
wol ús dan seegnje en befrije,
ferlos jo folk, sjoch hoe't hja lije,
wês jo har hoeder, nim har mei
en draach har oant de iivge dei

antifoan want se slane gjin acht op de dieden fan de heare, dêrom sil er har delbrekke en net opbouwe

lêzing Lukas 16: 1 - 13
Ek fertelde er syn learlingen, 'der wie ris in ryk man en dy hie in rintmaster. Him waard oanbrocht, dat syn rintmaster al syn besit dertroch jage. Doe liet er him roppe en sei tsjin him, 'wat hear ik dêr fan jo? Doch ferantwurding fan jo behear, want jo kinne net langer rintmaster by my wêze'. De rintmaster sei by himsels, 'wat sil ik dwaan, no't mynhear my it rintmasterskip ôfnimt? Spitte is my te mânsk, biddeljen skamje ik my foar. Ik wit al, wat ik dwaan sil, dat se my yn 'e hûs nimme, as ik dien krige haw.'
Hy rôp de skuldners fan syn hear ien foar ien by him en sei tsjin de earste, 'hoefolle skuld hawwe jo by mynhear?' Dy sei, 'hûndert fet oalje'. Doe sei er tsjin him, 'jir is jo skuldbewiis, gean sitten en meitsje der gau fyftich fan.' In twaddenien frege er, 'hoefolle skuld hawwe jo by mynhear?' Dy sei, 'hûndert sek weet'. Tsjin him sei er, 'hjir, nim jo skuldbewiis en skriuw tachtich'.
De hear prize de ûndogense rintmaster, om't er sa snoad te wurk gien wie. Want de minsken fan dizze wrâld binne, as it har gelikens oangiet, snoader as dy fan it ljocht. Ja, ik sis jimme, brûk it smoarge jild om freonen te meitsjen, dat se jimme opnimme yn 'e ivige tinten, as it jimme ûntfalt. Wa't betrouber is yn it lytse, is dat ek yn it grutte en wa't ûndogens is yn it lytse, is dat ek yn it grutte. Dêrom, as de rykdommen fan dizze wrâld jim net iens tafertroud wurde koenen, wa sil jimme dan de wiere rykdom tafertrouwe? As in oar syn guod jimme net tafertroud wurde koe, wa sil jim dan jim eigen jaan? Gjin feint kin twa hearen tsjinje. Hy sil

ommers of de iene net lije meie en fan de oare hâlde of de iene tagedien wêze en de oare ferachtsje. God en jild tsjinje kin men net tagelyk.'

meditaasje God sykje wy. Mar wat siket God? Hy brûkt in nuvere profylskets. In man dy't oan fraude docht, minsken dy't se efter de earmtakke hawwe. Wurdt dat de befolking fan syn keninkryk? It giet derom dat minsken sjogge wêr't it God om giet. Syn dieden binne guon, dêr't earmen en bûtensteanders better fan wurde. As de minima laitsje, laket God. As in bidler in goeie dei hat, in ferslaafde in hert treft dat iepen giet. As ien dy't fertriet hat in oere ôflieding fynt, dan hat God wer ien fan syn grutte dieden dien.
Gjin niget, dat minsken soms de útnoeging ôfslane, dat God boaden stjoere moat nei krúspunten en efterbuerten. Gjin niget, dat God ús oanmoediget om dan mar te sjoemeljen, as wy sels net útkomme. It stiet ús tsjin, de gedachte fan wat yn 'e pong dwaan, ien opsykje, in kaart stjoere om kredyt by God op te bouwen. Jo moatte it doct mient dat wy allinnich de keninklike wei lâns kinne. Mar as wy wachtsje sille oant wy sels yn 'e goeie stimming binne, oant de omstannichheden goed binne, wachtsje wy te lang. Dy't ferlet fan ús hawwe, dy moatte dat belije.
As wy beseffe, dat wy te krijen hawwe mei de ambassadeurs fan God, wurde wy meskien sa presys net. Net ús goeie bedoelings, mar wat hja by ús yn 'e skuld steane, bepaalt aansen as 't treft ús yntree. Mei stom jild kinne wy goed dwaan, mei ús eigen tiid in oar ferlichtsje. En dêr bliuwt mear fan oer yn Gods keninkryk, as fan al ús djippe gedachten en ferantwurde plannen meiinoar.

stilte

mesyk

liet lofsang fan Merije, gesang 66: 1 oant en mei 6*, lieteboek foar de tsjerken*

no sjong ik foar de hear,
myn liet moat heech en klear
myn rêder romj' en prize,
hy hat myn ienfâld fûn,
syn tsjinstfaam eare jûn
en woe my geunst bewize

no jout fan heit op soan
my elk geslacht de kroan
en wol my lokkich hjitte,
God, machtich as gjinien,
hat grutte dingen dien,
hoe kaam er my temjitte

oer wa't him freezje leit
syn hân barmhertichheid,
hoe hearlik is syn namme,
hy hat mei man en wein
heechhertigen oan d' ein
foar alle wrâld beskamme

hy taaste op har troan
de hege machten oan,
dy't kroan en skepter fierden,
mar lytsen brocht syn hân
ta macht en ear' yn 't lân,
as keningen fan d' ierde

wa't hongrich wie en mêd,
de heare joech him sêd,
yn frede gong er hinne,
mar riken noeg' er net,
dy moasten ier en let
mei lege hannen rinne

hy seach nei Isrel om,
hy naam syn eigendom
foar ivich yn beskerming,

sa hie hy Abram sein,
sa draacht hy sûnder ein
syn folk yn syn ûntferming

gebedens

foargonger leave heare,
wy wolle jûn bidde
foar alle minsken dy't de moed ferlern hawwe
dat jo har noch ien kear oansjogge
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
foargonger foar dy't net leauwe kinne dat foar jo
har libben like djoer is as foar harsels,
wolle wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
foargonger … … …
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

stilte

foargonger heare, wy bidde jo,
dat wij jo dingen achtslane,
jo kommen op 'e wolken net ferjitte,
de wiere rykdom net ferwurde litte,
mar diele mei jo minste susters en bruorren,
har triennen en kleien en fertriet
oandacht jouwe as wie it ús eigen,
dêrom bidde wy meiinoar,
gemeente ús heit yn 'e himel,
lit jo namme hillige wurde,
lit jo keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde,
op ierde likegoed as yn 'e himel,
jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden,
sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe
en lit ús net yn fersiking komme,
mar ferlos ús fan 'e kweade,
want jowes is it keninkryk
en de krêft en de hearlikheid,
oant yn ivichheid, amen

jûnsliet gesang 294: 1 oant en mei 6*, lieteboek foar de tsjerken*

hear, kaam jo hearskippij,
jo ryk, fan âlds fersein,
dan fûn de tirannij
fan 't kwead' in hastich ein

o, mocht it wêze dat
it ivich frede wie,
dat op 'e berch fan God
gjinien mear sûnde die

brek, hear, yn dizze tiid
de machten fan 'e hel,
dan komt de lêste striid,
dan gean de wapens del

dan is gjin sykt' en dea,
dan is gjin rouwe mear,
dan leit oer stêd en gea
de sabbat fan de hear

hoe laden is de loft,
jo keppel is yn need,
wy hearr' in wolvekloft
en wolven binne wreed

by nacht en ûntiid geit
dat gûlen fan de hel,
kom, hear, yn hearlikheid,
kom út 'e himel del

seine

foargonger de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre
gemeente amen

de sânde fesper foar de sân lêste sneinen fan it tsjerklik jier

stilte

iepeningsfers

foargonger hear, iepenje my de lippen
gemeente myn mûle sil sjonge fan jo lof
foargongert God, kom my te help
gemeente heare, wês hastich om my te helpen

oanstekken fan 'e peaskekears

ljochthymne fleurich ljocht

o ljocht, fleurich ljocht út 'e himel,
dyn glâns is in teken fan God,
do waarmest de ierd' as de sinne,
foar ivich de kjeld ferdreaun

wy komme ta rêst yn 'e jûntiid,
de dei glidet oer yn 'e nacht,
dan sjonge wy lûd en wy roppe,
kom by ús, o geast, soan en heit

hoe soene wy net alle dagen
dan sjonge mei heldere stim,
oan jo tankje wy, hear, ús libben,
jo lof rûst troch hiel de wrâld

antifoan want jo litte myn libben net oan it deaderyk oer

psalm psalm 16: 1 en 2*, lieteboek foar de tsjerken*

behoedzje my, myn taflecht en myn God,
jo bin myn hear, myn heil bin jo allinne,
yn jo leit fêst myn erfdiel en myn lot,
jo dy't myn lok en al myn libben binne,
ik drink jo geunst, jo wolle my ferkwikke,
jo, dy't jo feint in skoander lân taskikke

mei 't folk dat jo beliidt yn dizze wrâld
wol ik myn hert op 't ynlikste ferbine,
mar wa't it mei de frjemd' ôfgoaden hâldt,
dy stoart himsels yn muoite, leed en pine,
foar harren lit ik 't offerbloed net streame,
har nammen sil myn mûle net iens neame

antifoan want jo litte myn libben net oan it deaderyk oer

I hoedzje my, God,
II want by jo sykje ik ûntwyk,
I ik sei tsjin 'e heare, 'myn hear binne jo,
II myn rykdom, neat kin jo belykje,'
I de ôfgoaden fan it lân, dy hege machten,
II sil ik my net oan ferslingerje, ik sei,
I+II 'by dy't in oare god neirinne, sil it lijen oanwinne,'
I mei myn hannen sil ik har gjin offers bringe,
II har nammen sil ik net iens op myn lippen nimme,
I jo, heare, binne it taparte diel dat de lotsbeker my joech,
II en jo sille foar my bewarje wat my tafoel,
I de mjitsnoeren binne foar my yn skoandere kontreien fallen,
II ja, myn erfskip stiet my tige oan,
I sa priizje ik de heare, dy't my ried joech,
II ja, by nacht warskôget myn binnenste my,
I ik hâld de heare aloan foar eagen,

II hy is ommers oan myn rjochterhân, ik sil net wifkje,
I dêrom hat myn hert wille en myn binnenste jubelet,
II ek myn lichem sil feilich wenje,
I want jo litte myn libben net oan it deaderyk oer,
II jo litte jo fertrouweling de ûngrûn net sjen,
I jo leare my it libbenspaad,
II in oerfloed fan freugde is deun by jo,
I+II leaflikens yn jo rjochterhân, foar altyd

I eare oan de heit en oan de soan en oan de hillige geast
II lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid, amen

antifoan want jo litte myn libben net oan it deaderyk oer

psalm psalm 16: 3 en 4*, lieteboek foar de tsjerken*

ik sjong de hear, hy jout my altyd rie,
ja sels by nacht sprekt hy noch yn myn herte,
dêrom wol ik op him dy't by my stie
aloan 't betrouwen fan myn libben sette,
ik wifkje net, want oan myn rjochterside
is God de hear en hy sil foar my stride

no is myn hert fan kleare freugd' oerstjoer,
ik kin my deljaan, feilich yn syn hoede,
oan 't deaderyk lit jo jo freon net oer,
hoe hat jo trou my treaste en begoede,
jo wolle my de wei nei 't libben wize
en ivich litt' jo 't wiere lok my rize

antifoan want jo litte myn libben net oan it deaderyk oer

lêzing Lukas 19: 11-27
Hy joech syn tahearders der noch in gelikenis oerhinne, want hy wie tichteby Jeruzalem kommen en se tochten dat Gods ryk no fuortdaliks komme soe. Hy sei dêrom, 'in man fan heech komôf reizge nei in fier lân om dêr foar himsels de keninklike weardichheid te krijen, dêrnei soed er weromkomme. Hy rôp tsien fan syn feinten by him, joech har elk in goudstik en sei, 'doch dêr saken mei, salang't ik fuort bin'. Syn lânslju lykwols haten him en stjoerden him in delegaasje achternei mei it boadskip, 'wy wolle net, dat hy ús kening wurdt'.
Mar hy krige de keninklike weardichheid al en liet, doe' t er weromkaam, de feinten roppe, dy't er jild jûn hie. Hy woe fan elk witte, wat er dêrmei út 'e wei set hie. De earste kaam en sei, 'hear, jo goudstik hat der tsien by makke'. Tsjin him sei er, 'moai sa, bêste feint. Omdatste trou west hast yn it lytse, silst it behear krije oer tsien stêden'. Doe kaam de twadde en sei, 'jo goudstik, hear, hat der fiif by makke'. Tsjin him sei er, 'en do silst stean oer fiif stêden'. Doe kaam de tredde en sei, 'hear, hjir is jo goudstik wer, ik haw it opburgen yn in doek. Ik wie altiten al bang fan jo, om't jo in hurdenien binne. Jo nimme, wat jo net útset hawwe en jo helje yn, wat jo net siedde hawwe'. Tsjin him sei er, 'mei dyn eigen wurden sprek ik in oardiel oer dy út, feint fan neat datste biste! Do wiste, dat ik in hurd man bin, dat ik nim wat ik net útset haw en dat ik ynhelje wat ik net siedde haw. No, wêrom hast dat jild fan my net op 'e bank set? Dan hie ik dat, doe't ik thúskaam, mei rinte opfrege'.
Tsjin de omstanners sei er, 'nim him dat goudstik ôf en jou it de man mei de tsien goudstikken'. Se seinen tsjin him, 'hear, hy hat al tsien'. Doe sei er tsjin harren, 'elk dy't hat, sil mear krije en ien dy't net hat, sil ek noch ôfnommen wurde, wat er hat. Mar dy fijannen fan my, dy't net woenen, dat ik har kening wurde soe, bring dy hjir hinne en stek se foar myn eagen dea'.

meditaasje God sjen kin op ferskate menieren. De lêste sin fan it evengeelje fan jûn is wol hiel kru. Sa sjogge wy God leaver net, ien dy't jin foar syn eagen deastekt. Gelokkich is dit ek in wier ferhaal út Jezus syn tiid, hy brûkt de Joadske aktualiteit fan doe as foarbyld. Mar likegoed, as it al sa gefaarlik is om jin tsjin de ierdske kening te fersetten, dan meie wy wol goed neitinke ear't wy Jezus it keningskip ûntstride. Want hy komt werom, mei de weardichheid.
Jin net fersette is ien ding. Mar wat ferwachtet God dan al fan ús? Wêr sil er om sykje, watfoar minsken? Minsken mei goud. Dêrby giet it net om mear of minder, mar om al of net. In bytsje is genôch, neat is te min. Mar wat is dat foar goud? Alderearst, alle goudstikken binne yn prinsipe gelyk, elk krijt itselde goud. Twad, minsken hawwe it net fan harsels, de kening hat it har jûn en it is it middel dêr't hy de wrâld mei regearret, it is syn eigen geast.

De fraach is dus, hat dy geast de romte krigen, of is dy opburgen yn in doek? De romte foar dy geast begjint yn it eigen binnenst. Hy is in stim yn ús hert, in driuw yn ‘e nacht, dy’t ús Gods doelen foarhâldt. It is in gefoel dat spanning opropt, omdat wy witte, dy’t him folget, komt op paden dy’t er sels net socht hat. Mar by dy spanning heart ek de ferwachting, omdat wy fiele, dy’t dy paden giet sil freugde fine dy’t oars net te finen is. Dy’t nei dy geast harket, sil jubelje yn syn binnenst en fynt de wissichheid dat God him net oan it deaderyk oerlit.
Noch wint de spanning it faak fan de ferwachting. Faak wurdt der net nei de geast harke. Mar dy’t ien kear doard hat en doch hannel mei it goud fan ‘e geast, kin de winst noait ôfnommen wurde. Dy winst is it iennichste dat de kening aansen siket. Dy’t him in bewyske frucht jaan kin fan syn eigen geast, as syn keninkryk komt, dy sil him sjen mei freugde.

stilte

mesyk

liet lofsang fan Merije, gesang 66: 1 oant en mei 6, steande*, lieteboek foar de tsjerken*

no sjong ik foar de hear,
myn liet moat heech en klear
myn rêder romj’ en prize,
hy hat myn ienfâld fûn,
syn tsjinstfaam eare jûn
en woe my geunst bewize

no jout fan heit op soan
my elk geslacht de kroan
en wol my lokkich hjitte,
God, machtich as gjinien,
hat grutte dingen dien,
hoe kaam er my temjitte

oer wa’t him freezje leit
syn hân barmhertichheid,
hoe hearlik is syn namme,
hy hat mei man en wein
heechhertigen oan d’ ein
foar alle wrâld beskamme

hy taaste op har troan
de hege machten oan,
dy’t kroan en skepter fierden,
mar lytsen brocht syn hân
ta macht en ear’ yn ‘t lân,
as keningen fan d’ ierde

wa’t hongrich wie en mêd,
de Heare joech him sêd,
yn frede gong er hinne,
mar riken noeg’ er net,
dy moasten ier en let
mei lege hannen rinne

hy seach nei Isrel om,
hy naam syn eigendom
foar ivich yn beskerming,
sa hie hy Abram sein,
sa draacht hy sûnder ein
syn folk yn syn ûntferming

gebedens

foargonger leave heare,
wy wolle jûn bidde
foar alle minsken dy’t wachtsje
oant jo as kening op ierde komme
en wy roppe,

gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
foargonger foar dy't alle hope fuortslein is
dy't festige wie op minsken en op 'e wrâld
wolle wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
foargonger … … …
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

stilte

foargonger heare, wy bidde jo,
dat wij jo geast net ferachtsje
mar leare dat dy de iennichste is
dy't ús troch it kommende oardiel hinne helpt,
dat wij op 'e mominten dat wy kieze moatte
dy iene stimme folgje dy't ús eigen net is
en ús liede litte troch de tearste fan alle krêften,
dêrom bidde wy meiinoar,
gemeente ús heit yn 'e himel,
lit jo namme hillige wurde,
lit jo keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde,
op ierde likegoed as yn 'e himel,
jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden,
sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe
en lit ús net yn fersiking komme,
mar ferlos ús fan 'e kweade,
want jowes is it keninkryk
en de krêft en de hearlikheid,
oant yn ivichheid, amen

jûnsliet gesang 296: 1, 2, 3*, lieteboek foar de tsjerken*

ik kom mei hasten, hat er sein,
it grêf gong foar him iepen,
hy, Jezus Kristus, hat ús lein
de kroane om 'e sliepen,
bliuw deun by him,
hear nei syn stim,
in koar sjongt om him hinne
fan dy't ús foargien binne

ik kom mei hasten, hâld dan fêst
oan al wat ik ûnthjitte,
ik sil by alle ierdske lêst
ien doar jim iepen litte,
bliuw yn 'e wei,
dy't ik jim sei
en slút jim oan by harren
dy't trou myn wurd bewarren

ik kom mei hasten, wifkje net,
noch is de wraksling geande,
ik draach it wankelmoedich hert,
hâld yn 'e striid jim steande,
sjoch op nei my,
ik bliuw neiby
yn alle leed fan d' ierde,
neat sil jim fan my skiede

seine

foargonger de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre
gemeente amen